

# Wykblêd kin net foar in prikje

De provinsje Fryslân wol yn it ramt fan syn taal- en kultuerbelied in Frysktalich wykblêd yn stân hâlde. Dat is mei rjocht en reden, want wat is in twadde rykstaal en in twadde offisjele taal yn Fryslân sûnder in eigen skreaun opinyfoarmjend medium? Der is ien Frysktalich wykblêd: Frysk en Frij. In Frysktalich massamedium, meie wy wol sizze. Ommers, alle oare Fryske tydskriften helje meiinoar net iens de omfang fan Frysk en Frij, dat in oplaach fan alle wiken 6000 hat.

**Piter H. van der Plank**  
foarsitter stifting Jacobus van Loon

Foar it yn stân hâlden fan in Frysktalich wykblêd rekkenet de provinsje ynearsten ien ton, foar takom jier. En dat is fiersten te min. It kin no ienris net foar in prikje. Ien ton is twa ton minder as de trije ton dy't Frysk en Frij de ôfrûne jierren oan subsydzjes krige. En sels dat bebrach wie eins net genôch om in sûne basis foar in folweardich wykblêd te garandearjen. Foar in part moast it blêd it lykwols noch fan 'e ynset fan frijwilligers hawwe.

Fjouwer jier lyn wiene der problemen. It oantal abonnees rûn tebek. In oanfraach foar mear provinsjale subsydzje rûn út op in fûl debat yn 'e steaten. It waard in publike diskusje dêr't it managemint fan Frysk en Frij en de redaksjonele kwaliteit fan it blêd wiidweidich yn oer de tafel gongen. Dat wie yn safier unyk dat it kolleezje fan deputearre steaten har mei de ynhâld fan de troch har te subsidiearjen ynstelling dwaande hâlde. Soks wurdt oars al gau beskôge as lizzend bûten de kompetinsje fan politysy.

Sûnt dy tiid is der gâns bard. De diskusje fan trije jier lyn bedimme doe't it Frysk en Frij slagge en krij in projektsubsydzje fan it Bedriuwfûns foar de Parse foar trije jier. Dat Fûns waard ree fûn om Frysk en Frij de kâns te jaan om de organisaasje te ferbetterjen, de kwaliteit te ferheegjen en mear abonnees oan te lûken. Ek de provinsje Fryslân kaam dochs oer de brêge, mei in subsydzje fan oardel ton yn it jier.

Yn de ôfrûne trije jier slagge it Frysk en Frij yndied en foldoch oan de stelde betingsten. Frysk en Frij hat him ûntjûn ta in Frysktalich famylje- en opiny-

blêd mei in heel eigen plak tusken de beide deiblêden yn Fryslân yn.

Allinnich it tal abonnees bleau net tsjinsteande dat de tebekgong omset waard yn in groei fan hûnderten abonnees (5 prosint) jiers achter by de prognoses. Mei it each op de lanlike trend fan weromrinnende oplagen by wykblêden is dat lykwols net sa nuver. As men dêrby de sitewaasje dêr't it Frysk yn sit yn acht nimt, dan skoart Frysk en Frij sels knap heech. Rûsd wurdt ommers dat net mear as 60.000 minsken yn Fryslân it Frysk goed lêze kinne. Dat binne 20.000 húshâldingen. Frysk en Frij beflapt dêr dus mear as in fjirdepart fan. Ferlykje dat marris mei watfoar lanlike blêd dan ek.

Mooglik is it oantal potinsjele abonnees fan in Frysktalich wykblêd ek net grutter as sa'n fiifienheal tûzen. Soks betsjut dat der altyd jild by moatte sil. In lytse oplaach betsjut ommers relatyf lege ynkkomsten út abonnemintsjilden en advertinsjes.

## TE GAST

De subsydzje fan it Bedriuwfûns hâldt op. Want dat mei gjin strukturele stipe jaan. Dat betsjut foar takom jier in gat op 'e begrutting fan Frysk en Frij fan oardel ton. Dêroerhinne wol de provinsje in heale ton minder foar in Frysktalich wykblêd útlûke. It mei dúdlik wêze dat soks net sûnder gefolgen bliuwe kin.

En krekt op dit stuit freget Frysk en Frij om mear subsydzje. Dat sit sa: Sels yn de relatyf wielede fan twa subsydzjeboarnen, sa't dy de ôfrûne trije jier bestie, wie it in kwestje fan prope of fersûpe. It blêd moat draaiend hâlden wurde mei oardel man en in hynstekop. Meiinoar binne der net mear as 3,7 fêste arbeidsplakken. Fansels kin in wykblêd dêr net op draaie. Minsken mei in útkearing of yn in troch de útkearende ynstânsjes subsidiearre tydlike regeling, folje dy 3,7 oan. Dêrneist wurdt in part fan it wurk dien troch frijwilligers. De hiele administraasje en de folsleine setterij bart sûnder dat der foar betelle wurdt. Free lance meiwurkers moatte genoegen nimme mei in frij lege fergoeding. Njonken it gat dat ûntstiet troch it fuortfallen fan 'e subsydzje, anst, is der dus noch in oar, 'ferburgen' gat.

Feitliken is dus trije jier lang

fierstente folle dien foar te min jild. De produksjekosten binne dêrtroch op papier tige leech. Mar de priis dêrfoar is dat der in tiidbom ûnder Frysk en Frij kommen is te lizzen. Foar it bestjoer fan Frysk en Frij is it ûnferantwurdlik om dy rôfbou op minsken langer troch te setten. Ek is it úteinlik bedriuwsmjittich ûneffisjint en ûndoelmjittich om sa mei de ferantwurdlikheden en de kwaliteiten fan de minsken om te springen. Mei sa'n meagere fêste basis kin gjin stabile organisaasjestrutuer, kin gjin kontinuïteit garandearre wurde. Ek komt de kwaliteit ûnder druk te stean.

Dêrom hat it bestjoer it beslút nommen om dy swakke basis fan Frysk en Frij net mear yn it ferburgene te hâlden. Wannear't gjin struktureel sûne grûnslach lein wurde, komt dit bedriuw alle jierren op 'en nij yn 'e swierrichheden. En wat it slimste is: dy problemen wurde hyltyd wer oan Frysk en Frij sels ferwiten. In pear jier boppe jins macht skreppe, wurdt troch de bûtenwacht ommers as in normale gong fan saken besjoen as men sels net oan 'e bel lûkt.

Fan it jild foar taal- en kultuerbelied wol de provinsje - sa't it no liket - net mear as 2,7 prosint útlûke foar in Frysktalich wykblêd. Komt sa'n lyts persintaazje oerien mei it belang fan dat beliedsûnderdiel? Wurde prioriteiten yn dit stik fan saken op har feitlike wearde skat? Dat is de fraach dy't wy de steateleden yn 'e kommende begruttingsdebatten foarlizze moatte. Dat hja witte dat in wykblêd fan kwaliteit, dat in folweardich plak ynnimt yn it Fryske taalen kultuerbelied, net foar in prikje stal jûn wurde kin. Likemin as oare organisaasjes dy't de provinsje subsidiearret om it Frysk yn it Fryske maatskiplike libben del te setten har taken ferfolje kinne sûnder in sûne grûnslach. Fan dat lêste is de provinsje al wol oertsjûge, mei it each op wat hja dêr foar oer hat. Foar Frysk en Frij kin wat dat oanbelanget dan gjin útsûndering makke wurde.

It giet net allinnich en net yn it foarste plak om Frysk en Frij. It giet om in Frysktalich wykblêd. Om de funksje en wearde dêrfan en om de priis dy't dêr foar stiet. Wy binne fan betinken dat de steateleden primêr út dy ferantwurdlikheid oer Frysk en Frij prate moatte.